


Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Ruurds Abma



© foto argyf db Folsgeare

Meinte Ruurds Abma

en syn hynders

Op 12 maaie 1898 wurdt Meinte Ruurds Abma berne yn Hidaard. Syn âlden Ruurd Taedes Abma en Hesseltje Brandsma ferhúzje yn 1905 nei Folsgeare. Op 11 maaie 1922 trout hy mei Akke Boschma, in dochter fan Feike Boschma en Willemke Rollema. Hy wurdt letter boer op de "Blikken pleats" en jout dizze de nije namme Carpe Diem. Meinte Ruurds skriuwt in soad stikjes, it neikommende ferhaal is fan syn hân.



foto Atse Bruin

It fierste oantinken oan hynders giet werom nei Hidaard, dêr't moarns it hynder foar de tsjermole rûn. En dat bleau ek wol ris stean en dan kaam mem troch de tsjernhoarnedoar en sei: krr, krr, en it spul rûn wer. Yn 1905 ferhuzen wy nei Folsgeare en yn 1907 waard de pleats ferboud. Doe kaam der wer in hynder foar

Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Ruurds Abma

de tsjernemole, mar no gong it om de wetterbak (400 liter) op'e souder fol te pompen.

As jonge mochten jo yn'e fakânsje mei it âldste hynder tuskenyn ride yn't dongjen, doe't je wat âlder waarden, krigen je in wat wiffer bist yn'e hannen, alles ûnder kondysje "meist net sa jeie".

Mei in span foar de meanmasine waard al wat grutter blyk fan fertrouwen jûn.

As feint mei in faam yn'e tilbury op heechtjiden nei Ljouwert as nei Gaasterlân wiene hichtepunten.

Soldaat wurde wie der ek by. "Waar wil je dienen?" waard ús by de keuring frege. "Bij de cavalerie", wie it antwurd.

En sa kaam it. Zutphen, Deventer, Amersfoort, reveille, waskje, oanklaaie (stâlklean), appèl, ôfmarsjeare nei de stâl, in oere hynstepoetse, nei de keamer, sop ite, omklaaie, learzen, rydbroek en tunyk, wer nei de stâl, opsadelje en 1 ½ oere ride yn'e manege, earste seis wike, letter ûtride nei de flaaksickers, thúskomme, wer trije kertier hynders fersoargje, dan nei de keamer, in oere kofje en kuch, dernei teory, skermje of gymnastyk, ek wol sjitte. Yn letter stadium krigen jo dy sjitlessen op'e heide, der't jo dan in healoere omride moasten, om trije oere hinne moasten de stâlklean wer oan en de learke klompen en je moasten harnachementen (WH: it túch fan it hynder) poetse, seal en haadstel, gespen, team (stang) trens en beugels moasten mei sân skuorre wurde, it learwurk mei in dampe doek ôfnommen en dan wer licht ynfetten. Dan fan fjouweren oan 't fiven waarden wer de hynders fan'e stâl helle, drinke litte oan'e wetterbak en oan'e bûten muorre fêstset en waard der wer op om rost en boarstele. Om fiif oere dan wer appèl en dan marsjearden wy wer nei de keamer en krigen it waarm miel.

Dêrmei wie dan ek ús wurkdei om. Fansels wie der it op wacht stean en de stâlwacht. By stâlwacht namen jo striesek en tekkens mei nei de stâl en mochten dêr sliepe, losse hynders moasten jo fêst sette, want de doarren stienen altyd iepen. It moaie fan de tsjinst wie op hechtij dagen, mei de trompetter foarop troch de stêd te riden, as mei paraden, mei it hiele eskadron yn liny oer de flaaksickers te jeijen, dan kaam der eat fan grutskichheid oer jin.

Doe't ik troude en boer waard, besoarge ús heit my in moai foske mei in bles en twa wite fuotten. Wy wiene der dan ek tige wiis mei. Doe't ik op in kear mei ús heit syn brik, de pake en beppe fan myn frou fan Snits helle sei ik ûnderweis :

"Wat seit pake fan myn hynder?" "In aardige kedde ", wie it antwurd. Ik fielde my knap misledige, kedden wiene dochs foar frachtriders, net foar boeren.

Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Ruurds Abma



foto argyf db Folsgeare

Meinte Abma mei de swylmasine en Tjalhuizum op'e eftergrûn

Yn 1929 ferhuzen wy nei in gruttere pleats en wikselen de hynders ek no en dan. In foalmerje dat dan ris in fôltsje brocht wie foar elk op'e buorkerij in nocht om te sjen. Ek it belearen fan sa'n jong hynder, earst yn't span letter allinne, joech de nedige ferdivedaasje. Wat wiene jo dan grutsk as sa'n jong hynder syn earste weide hea thúsbrocht. Mar ja, al wat sokke bisten learden wie fansels wurk yn'e losse sile, it iennichste wurk yn'e stokken wie de skjinswiler.

Yn 't lêst fan'e oarloch, it wie op in sneontemiddei en ik wie nei de stêd om te skearen, kaam der in feldwebel mei twa soldaten en easke in hynder en in wein. Hy wiisde it jongste hynder oan en in soldaat helle it bist fan'e stâl, de feint die it túch oan en dêr gong it stapsfoets fan it hiem ôf.

De soldaat dy't stjoerde hie wierskynlik noch noait mei in wein mei in tiksel riden en liet it hynder mar wat rinne. It bist wie wend om meastal fan de reed ôf rjochtsôf te gean en die dat diskear ek. Mar de soldaat woe links ôf nei de buorren. Omdat it allegear stapsfoets gong, sprong de twadde soldaat fan 'e wein, krige it hynder by de bek en brocht it spul sa wer op 'e reed. De feint en evakuee stiene it spul op it hiem nei te sjen. Underwilens wie ik fan myn stedsreis thúskommen, binnentroch, sadat ik it spul net tsjinkaam en harke ferheard op. It wie melkerstiid, mar ik sei tsjin de evakuee: "Gean jo der ris efteroan en sjoch ris wêr't dat spul belânet". No, dy man, in skilder, der op syn fyts mei kusjebannen der achteroan. Njonken it park helle er it spul yn. It hynder rûn no foar in

Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Ruurds Abma

molkweintsje, yn 'e stokken, mei de rjochter efterfoet oan'e bûtenkant fan de stokken. Ien soldaat siet mei de lije op 'e bok en oan wjerskanten waard it hynder fan in soldaat by de bek holden. Us evakuee stapte oer de spoarbomen ôf om it spul op te wachtsjen. Wat de oarsaak wie is nooit útkommen, mar yn de spoarbomen nimt it hynder in sprong, de beide soldaten oan wjerskanten litte los en de man fan de bok springt ek fan it weintsje ôf, it hynder flocht mei it spul efter him oan mei grutte sprongen de spoardyk út, hjir en dêr fleach in stik fan it weintsje. By it stasjon kaam it spul ta stilstân. It hynder hie doe noch it foarstel fan it weintsje mei ien tsjil efter him en it begûn om him hinne te sjen oft der ek in toppe gers te finen wie. Us evakuee hat dêr doe it spul útspand en hat it hynder meinommen nei de pleats ta. Wol kaam der út ien fan de nije huzen tsjinoer it park in offisier, dy't ha woe dat it hynder by de wearmacht brocht wurde moast. Mar de evakuee sei: "Neemt U het dan maar want ik durf er de stad niet mee in, het paard is wild". Hy woe dy offisier de lije oerjaan, mar dy naam him net oan, njonkenlytsen gong de offisier wer yn'e hús en de evakuee de rykswei 43 del, dat doe noch in ierdebaan wie. Om goed sân oere de jûns wiene man en hynder wer op'e pleats. Wol ha wy dyselde jûns ús wein noch út de sleat fiske, dy't in eintsje fierder as wer't it fiadukt is, oan de rykswei yn'e sleat lei.

It hynder wie likegoed letter tige skril , as it spul mar even rattele lûkte it, it gat yn.



Carpe Diem 1946,
ta eare fan it 25 jierrich
houliksfeest van Meinte en
Akke

foto argyf db Folsgeare

Sa yn'e rin fan 45 jier boer wêzen, kriget men mei ferskillende hynders te dwaan en fan elk fan dy bisten falt wol wat te fertellen, en fêst stiet ek dat it iene hynder folle yntelliginter is as it oare. As ik oan ien fan de lêsten tink, oan Gerda, as dy

Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Ruurds Abma

foar de heahys (WH: optakelje fan in net mei hea, lutsen troch in hynder) rûn en de line strak hold wylst de boer op 'e skuorrereed bleau, om it heanet los te knippen, moast ik dat brave bist altyd even op 'e hals klopje, want de oaren rûnen altyd skeanoer. Is it in wûnder dat men fan sa'n bist noch wolris dreamt?

Colofon

Tekst: Meinte Ruurds Abma

Bewurking: Wytske Heida

Foto's: argyf db Folsgeare, Atse Bruin